

## LUKAS 3

Gemeente fan Jezus,

Twa tema's fanemoarn yn de preek

Ek Jezus waard doopt, stiet hjir yn Lucas.  
Dêr sit de wrâld oan goed nijs yn dy pear wurden.  
Dat goede nijs is hjoed foar jim en my.

En aanst giet it oer 'bliidskip' it twadde tema.  
Wiere bliidskip fan it leauwen.

Earst dat Jezus doopt waard.

It stiet d'r as in meidieling. Ek Jezus waard doopt.  
De beweging dy't Jezus makket is dy fan boppe nei ûnderen.  
Dat God syn Soan jowt oan dizze wrâld yn need, dat is de grutte beweging fan boppe nei ûnderen, de grutte beweging fan de himel nei de ierde. Dat is de grutte beweging, einliks moatte wy sizze Dit is de grutte genede-jeffe fan God ut nei de minske ta.

God komt op us ta. Dit wonder hawwe wy wiidweidich fiert mei Advint en Kryst.  
God komt op u sta, nei us ta, yn us fermidden.

Mar dan stiet hjir: Ek Jezus waard doopt.  
As Johannes seit: Wa bin ik, dy't nei my komt is folle grutter as ik, dan soenen jo ferwachtsje dat Jezus sels de dooper is. Mar earst stiet der: Ek Hy waard doopt.

En sa flak nei de Krystdagen klinkt yn dizze wurden Peaske d'r al trochhinne.  
Want Jezus giet troch it wetter. It wetter da is de dea. Der giet Hy trochhinne. Hy giet foar us ut, Hy makket foar us in paad troch it gefaar hinne, HY makket foar us in begeanber paad troch fertriet hinne. Mar boppe-al: Kristus oerwint de dea, yn de doop troch de dea hinne, ta in nij libben. In nij libben dat wy mar kwalik beskriuwe en begrype kinne.

Einliks siz ik net goed. Der stiet: Ek Jezus liet him doper.

De rjochting werynt Jezus giet is hieltiid mar nei ûnderen, nei us ta.

Hy liet himsels doper, Kristus jowt himsels, of wy kinne sizze dy beweging nei &underen is in beweging fan needrigens, en yn it djipst werskynlik ek in beweging fan djippe intymiteit. Kristus is tichtby.

En dy beweging nei ûnderen dy bliuwt mar trochgean yn it libben fan dizze Jezus. Hysels sil op knibbels falle foar syn leerlingen, om se de fuotten te waskjen.

En guon minsken soene tinke dat Johannes de taseine Messias wie, maar Johannes seit; Ik bin noch te min om Him de feters los te meitsjen. Ek werd y beweging fan needrigens.

Is it net sa: As jo op knibbels lizze om immen de feters te strikken, dan binne jo miskien wol tichterby as yn in omhelzing.

En dy beweging nie ûnderen, nei us ta is net samar in beweging, mar der sit foaral in Hiele protte leafde yn dy beweging fan God nei us ta.

It twadde tema hjoed is bliidskip.

Aanst sjogge wy it ferbân, mar earst de bliidskip.

De bliidskip fan it leuawen yn dizze neibye God.

De bliidskip fan Kryst.

Der is yn u slibben faaks mar in bytsje oanlieding foar bliidskip, mar dat Kristus yn us fermidden is dat moat uteinlik us hert blier meitsje, hoe t e kus libbenspaad ferrint.

Kinne we derby? By de bliidskip fan it hert?

Ik doel net op goedkeape bliidskip. Ik doel net op in blij ferske yn de liturgy, ik doel net op de bliidskip troch in kadootsje of de bliidskip fan it folksfermaak dat ut Hilversum utstjoerd wurd. Der doel ik net op, dat is net de bliidskip fan de Hear.

Nee, de bliidskip fan de Hear is de bliidskip fan it hert, it is in bliidskip dy't folle is mei fertrouwen dat it goed komme sil. It is de leauwige bliidskip dy't us siel krêft jowt.

It is de fêste grûn dêr' t wy op betrouwe. Dy bliidskip.

En dy bliidskip dy wurdt yn us wekke as wy Kristus ûntfange, as wy de Geest komme litte.

Misskien sil immen fan jim tinke: Bliidskip is net mooglik yn dizze fersleine wrâld.

Der kin ik mei wat by foarstelle.

As wy sjogge hoe't de wrâld en it minskdom der oan ta is, dan kinnen wy einliks net blier opgean nei tsjerke, mar dan moesten wy einliks it read fan skamte opé kaken drage as wy foar Gods antlit ferskine.

Einliks hienen jo en ik fannacht wekker lizze moatten omdat ek fannacht wer bern omkommen binne troch geweld.

En dochts: Yn dy fersleine wrâld moatte wy net stykjen bliuwe yn de skamte, it leauwen en it libben moat ek de skamte wer ferby, net dat wy de ellinde fan de wrald ferjitte, mar uteinliks wol wer de skamte foarby en de hannen ut de mouwen strupe, om fierder te bouwen oan it keninkryk. En yn dy beweging fan us is dy bliidskip fan it hert in unmisbere welle fan krêft.

Leafde en bliidskip komme op us ta. Leafde en bliidskip komme us ta.

Mar dan is it bliid boadskip noch net folslein foar hjoed.

Hoe stekke wy de hannen ut de mouwen? Wat stiet us te dwaan, sa freegje de minsken oan Johannes. En Johannes jowt in dudlik antwurd: Net mear easkje as jim nimme meie, elkoar net utskodzje mar tefreden wêze mei wat jim takomt.

Johannes is dyjinge dy't de noarmen en wearden wer duort ut te sprekken.  
Der stiet hy om bekend.

En der mochten de minsken net oer. Herodes koe der ek net oer en liet Johannes yn de finzenis opslute. Bange Herodes.

Mar wy witte ek dat Kristus sels noch hurdere wurden brûkt as Johannes. It wurd fan Kristus is messkerp. Kristus makket skieding tusken de kerlen en it tsjêf dat yn it fjoer ferbaarna sil.

De bergrede ligt der net om.

De minsken sille har ergerje oan Kristus utspraken, it sil him de kop kostje.

De noarmen en wearden komme yn dyselde beweging ek nei us ta, it is leafde, it is bliidskip, mar tagelyk is it ek: Wierheid en opjefte.

Dit is ek tagelyk de ethyk fan it kristenwezen, dat wy it goede dogge, dat wy dat goede dogge yn it ramt fan Gods keninkryk, en dat wy neffens de noarmen en wearden fan dat keninkryk de bergrede yn praktyk bringe, elke dei wer: Elke dei wer de wurken fan barmhertigens dwaan, as mienskip mar ek as minske.

Der stean wy foar, en as it goed is dogge wy dat mei bliidskip, omdat wy witte dat God oan us side is.

Sa yn it libben te stean is mooi, sa kinnen wy sjen litte dat it Kryst is en tagelyk Peaske.

Jezus liet him dope.

En dan stier der sa prachtig efteroan: En de himel gong iepen.

Dat makket in minskehert bliid. De himel giet iepen.

Yn de needrigens blykt dat himel en ierde oan elkoar ferbûn wurde. In do komt ut de himel del op Kristus en ins tim seit: Do bist myn soan.  
Sa befestiget de himel nochris de goede bedoelingen fan God.

De himel iepen, Kristus tichteby, en bliidskip as in baarnend fjoer.

As ik it bliid boadskip foar hjoed gearfetsje mei foar jim dan siz ik: De God fan Israël hat yn Kristus dudlik makke dat Hy foar us en foar de wrâld fertoan net allinich mar in strenge rjochter is, mar foaral Rêdder.

Yn Kristus leauwe wy dat Gods redding foargoed foarrang kriget yn de takomst fan us libben en de takomst fan de wrald.

De hope dy;t deryn leit kin us allinich mar bliid meitsje.

As kristen meie wy ek besykje om dyselde beweging te meitsjen as Jezus, dy beweging fan needrigens nei elkoar ta. As wy sizze dat it leauwen folle is mei leafde en bliidskip dan meie wy hjoed ek witte dat by dy twa mar ien tiidwurd past, en dat is: Bringe.

Leafde en bliidskip wolle brocht wurde, nei de oar ta, nie de wrâld om my hinne. Wy kinne it elkoar bringe en jaan.  
Wy mei esprekke fan de bliidskip fan it leauwen, dwers troch alle leed en ferriet hinne, en elkoar deryn moed jaan.

De himel giet iepen as minsken elkoar leafde en bliidskip jowe yn Kristus namme. Der bin ik fan oertsjuge.

En wy kinne dit witte, ut erfaring, fan doe't it libben us by de kiel pakte, doe't wy ferslein wiene troch ferlies, troch dea, troch eangst, troch it tsjuster dat it libben ek wêze kin. En dat wy doe djip deryn ek wer in kiem fan bliidskip weromfûn hawwe, of dat dat us joen waard troch in meiminske en dat yn us fersleinens, yn us fertiet, yn us ferlies, yn de dea, de himel wer iepen gie.

Sa giet God mei us om, gemeente.

En wat hy tsjin Kristus seit, seit hy tsjin us: Ik bin sa wiis mei dy.

Okke Jager sei, doe't hy wist dat hy stjerre soe: Hoe kostbaar is een kwetsbaar mens.  
Ik leauw dat God sa mei us omgiet.

Yn dat leauwen, yn dat betrouwen meie wy underweis bliuwe.  
Gods segen derby. AMEN